

Tekst 1 Twatalichheid moat it Frysk rêde

1 Yn samar in Ljouwerter Krante fan in sneon steane tsien berte-advertinsjes, fiif yn it Frysk en fiif yn it Nederlânsk. It jout sa op it each in treflike yllustraasje fan Fryslân as

5 twatalige provinsje. Mar de hjoeddeiske balâns tusken beide talen is wif. Noch altyd is foar 60 prosint fan de Fryske befolking it Frysk de memmetaal, mar fan de tolvejier-rigen praat minder as 50 prosint thús noch

10 Frysk.

2 Hurde sifers binne der net, mar de ûnderwiis sektor hat de yndruk dat de lêste jierren hyltyd faker Frysktalige âlders har bern yn it Nederlânsk grutbringe. Boargemaster Peter

15 de Jonge fan It Hearrenfean rôp wat oer de learachterstân fan de bern op lytse Fryske skoallen. Net fundearre neffens ûnderwiis-saakkundigen. Mar guon Fryske âlders lutsen har konklúzjes: lytse skoallen binne doarps-skoallen en op dy skoallen wurdt Frysk praat.

20 En dus is Frysk min foar ús bern.

3 “In plysje man yn Baskelân moat it Bas-kysk net allinne ferstean kinne, mar ek prate”, seit taalsosjoloog Jehannes Ytsma fan de

25 Fryske Akademy. “Yn Wales en yn Baskelân is it finansjeel en ekonomysk oantreklik om de minderheidstaal te brûken. Yn Fryslân wurdt by fakatueres fan de oerheid behears-king fan it Frysk somtiden ferplichte, mar

30 meastentiids ‘strekt het tot aanbeveling’ en net mear as dat. Itselde jildt foar de soarch-sektor en noch slimmer: ek foar it ûnderwiis. Wylst krekt de ynfloed dêr op it taalgebrûk fan de bern grut wêze kin.”

4 35 Underwizers meitsje har net bjuster drok mear om it Frysk yn basis- en fuortset ûnder-wiis. De doelen leine sa fier fan de praktyk, dat men der mar net mear oan begûn. Mini-maal ien oere wyks moat der bestege wurde

40 oan it Frysk, wêrmei’t dy taal likernôch op it nivo fan fakken as biology en ferkear telâne kaam: ôfhinklik fan de motivaasje en ynset

fan de learaar. It is net in útsûndering dat it oerke Frysk ynfolle wurdt mei it sjongen fan

45 wat Fryske ferskes.

5 De hâlding fan de gemiddelde Fries foar syn taal oer is ek frij ûnferskillich. Hy is gau ree om him oan te passen oan oarstaligen. Ytsma: “Wat dat oangiet is de Fries in echte

50 Nederlanner. Gjin folk yn de wrâld dat him sa gau skikt nei in oare taal as it Nederlânske folk.”

6 En dochs spruts in oergrutte mearderheid him foarich jier yn in enkête ûnder de Fryske

55 befolking út foar it yn stân hâlden fan de Fryske taal. Hast elkenien ferstie it, trijekwart koe Frysk prate en 60 prosint hie it as mem-metaal. Mar de hâlding fan de Fries foar syn taal oer is as dy fan de gemiddelde Nederlan-ner foar it miljeu oer: hast elkenien is foar,

60 mar it moat net al te folle muoite kostje.

7 “Unwittendheid spilet in grutte rol yn dy ûnferskillichheid”, seit Alex Riemersma, meiwurker fan it Berie foar it Frysk. Hy en

65 oaren wize op de wittenskiplik oantoande foardielen fan twatalichheid. Riemersma: “Meartalichheid hoecht foar de bern abslút gjin behindering te wêzen. Krektoarsom, tsientallen stúdzjes út de hiele wrâld hawwe

70 sa stadichoan wol oantoand dat it earder in foardiel is. Wa’t alle dagen twa talen praat, makket elke kear hiel bewust in kar. Hy wurdt dêr taalfleksibeler fan en leart makliker nije talen.”

8 75 Riemersma ferwachtet in protte fan de aloan tanimmende meartalichheid yn de wrâld. “As men twatalichheid hyltyd gewoan-ner begjint te finen, dan is it ek net mear ûn-gewoan as yn in mingd houlik de heit gewoan

80 Frysk praat tsjin de bern en de mem Hollânsk, of oarsom. Krekt likegoed dat wy fan it dogma ‘ien steat ien taal’ ôf moatte, moatte wy ek ôf fan de fêstrustke gedachte dat der yn in gesin mar ien taal praat wurde kin.”

Nei in artikel fan Bonne Stienstra yn de Leeuwarder Courant fan 10 april 2004

Tekst 2 Emoasje fersus regels

1 Harm Niesen fan de Stichting Faunabescherming is al 27 jier yn 'e slach mei de Fryske aaisikers. Niesen kin him net yntinke dat der yn dat hiele grutte Europa ien lytse provinsje is dy't fêsthâlde kin oan it ljipaaisykjen. Dat ferhipte Fryslân. Dat bringt him ek ta in

5 oerdriuwing. 9.000 minsken mei in kaart, kear fyftjin aaien, dat soe delkomme op 135.000 ljipaaaien. De folsleine earste lêch fan de ljippen. Net elkenien fynt 15 aaien, al binne der yndied wol dy't mear fine en ek meinimme. 9.000 x 15 is te koart troch de bocht. Mar

1.500, it tal neisoargers, x 15 soe al reël wêze kinne. Niesen bliuwt like breinroer as altiten: "De BFVW (Bond van Friese Vogelbeschermingswachten) wurdt yn Nederlân net

Eindexamen Fries havo 2006-I

- sjoen as in algemien akseptearde natoerbeskermingsorganisaasje, mar as in belange-
10 organisaasje foar it 'rapen' fan ljipaaien."
- 2 Anne Osinga, de foarsitter fan dy organisaasje, hat in hiel ienfâldich ferhaal: "Jo binne
bûten, jo binne fernuvere oer de ljip dy't jo mei al syn fernimstichheden foar de gek hâlde
wol, mar jo fine dochts soms syn aai. Dat is in trofee. En in trofee dy meie jo opkrije."
- 3 Yn de oarlochsjierrren wie it in wylde binde yn it fjild. Ljipaaien wiene in wichtige
15 oanfolling op it ynkommen. It iten fan it lân, dus ek de aaien, wie in oanfolling op it
rantsoen. De BFVW is krekt oprjochte om dy wyldgroei, om it wurd streuperij mar net te
neamen, yn te damjen. De BFVW brocht de slutingdatum fan it aaisykjen earst werom nei
20 april, letter nei 13 april en no is it 8 april of noch earder. Fryslân is de iennichste
provinsje dêr't it bestjoer fan fêststeld hat dat der in ûntheffing is foar it sykjen fan
20 ljipaaien. Mar dan moatte de minsken wol oan neisoarch dwaan en net mear as 15 ljipaaien
meinimme.
- 4 Dêr't Harm Niesen grutte fraachtekens set by de neisoarch fan de Friezen, fertelt Osinga
prachtige ferhalen oer boeren dy't 47 skriezepearen hawwe op sân bunder. En mear fan
datsoarte fan suksessen. Mar hy seit ek dat at it aaisykjen ferbean wurdt, in hiel soad
25 minsken sizze sille fan: "Dan dochst it sels mar." De emoasje fan it aaisykjen is de
motivaasje foar in goede neisoarch. Hy hopet dus dat de provinsje oant yn lingte fan dagen
mei de ûntheffing de kop derfoar hâldt.
- 5 Harm Niesen sjocht dat hielendal net sitten. Wiist op de EU-fûgelrjochtlíne, seit dat dy
net it 'eierrapen' ta doel hat. In ljip dy't by De Lemmer oer de dyk de polder yn giet, is net
30 ynienen in hiel oare ljip wurden. Mar hy giet der noch te folle fan út dat der net kontroleard
wurdt, dat it ek net te kontrolearen is en dat tsientûzenen Friezen yn de greide omspane om
de aaien ûnder de ljippekonten wei te klauwen. Swier oerdreaun. Mar dat is Osinga miskien
ek wol mei syn emoasjeferhaal dat der op delkomt dat elke aaisiker automatysk oan
neisoarch docht.

Nei in artikel fan Eelke Lok yn Natoer (Frysk tematydskrift) fan juny 2004

Tekst 3 Fryske learlingen hawwe foarsprong

- 1 Learlingen fan de basisskoallen yn Fryslân
rinne achter by leeftydsgenoaten yn de rest
fan it lân. Dat is yn it koart de konklúzje fan
it belangwekkende ûndersyk fan Bernie van
5 Ruijven fan de Fryske Akademy. Op it rap-
port en de berjochtjouwing dêroer is hiel wat
ôf te tingjen.
- 2 Fan de 116 Fryske skoallen dy't frege
binne, dienen úteinlik 53 skoallen mei. Yn
10 Limburch dêr't Fryslân mei ferlike wurdt –
dit omdat beide provinsjes kwa beropsbefol-
king mei inoar te ferlykjen binne – bleaunen
úteinlik mar 23 oer. Yn Fryslân wienen de
lytse skoallen wat sterker fertsjintwurdige, yn
15 Limburch de grutte. Dat soenen mei de oar-
saken wêze kinne fan in fertekening fan de
ûndersyksresultaten.
- 3 Boppedat binne de ferskillen folle minder
grut as de yn myn eagen oerdreaune berjocht-
jouwing foarkomme lit. De taalachterstân fan
20 de gemiddelde Fryske learling yn groep 7 is
op in ûnderwiïstiid fan 280 wiken (7 jier kear
40 wiken) presys twa wiken. Miskien wol fer-
oarsake trochdat wy foarich jier trije wiken
25 earder op fakânsje gienen as de bern yn Lim-
burch. It is únsinnich om hjir oer in achter-
stân te praten. Wy hawwe as men sa rekkenet
sels in foarsprong fan in wike. Foar de lytse
groep learlingen fan wa't beide âlders in
30 legere beropsoplieding hawwe, is de achter-
stân 10 wiken. Foar rekkenjen jilde sa'n
bytsje deselde ferskillen.
- 4 Wy hawwe neist Nederlânsk en Ingelsk
gelokkich ek Frysk op it programma en dat
35 kostet tiid. Dy meartalichheid is in foar-
sprong. It rapport konkludearret trouwens dat
de ferskillen yn taalprestaasjes tusken Fryske
en Limburchske bern net sadanich binne dat
der konklúzjes oan ferbûn wurde kinne.
- 5 Wêrom dan al dy heisa?
40 Der falt noch aardich mear ôf te tingjen op
it ûndersyk as hjir neamd wurdt. It is te
hoopjen dat dêrfoar yn de kommende moan-
nen yn in publyk debat mei de minsken út it
45 ûnderwiis gelegenheid wêze sil. De wurkers
yn it fjild moatte har net ûntmoedigje litte. It
is foar ús bern noch hyltyd in foarrjocht om
op in lytse Fryske skoalle te sitten. Dy foar-
sprong kin nimmen har ûntnimme.

Nei in artikel fan Pier Bergsma yn de Leeuwarder Courant fan 18 septimber 2003

Tekst 4 Underweis nei de ivige jeugd

1 Doe't Elizabeth Blackburn tritich jier lyn begûn mei har ûndersyk nei it wimperbistje, in iensellich organisme, dat him mei in swypkjende trilhier foarútbeweecht, tocht sy noch gjin tel oan ferâldering en kanker by de minske. Dochs soe har ûndersyk krekt op dy terreinen fruchten opsmite.

2 Blackburn wurdt wol de 'Keninginne fan de telomearen' neamd. Dy titel hat sy te tankjen oan it feit dat sy as ien fan de earsten belangstelling toande foar de saneamde telomearen: mysterieuze kapkes oan de úteinen fan it DNA, ferlykber mei de plestik hulskes oan skuonfitters. Blackburn rekke dêrtroch fassinereard. Wêr bestienen dy út? Wêrta tsjinnen dy?

3 It wimperbistje, de *Tetrahymen*, holp har in flink ein op wei. Dat iensellige organisme befettet tsientûzenen minuskule gromosomen (DNA-slierten), dy't elk twa telomearen hawwe. Dat betsjutte in skat oan ûndersyksmateriaal, sa foar it oppakken. Gjinn wûnder dat Blackburn oan dat bistje de foarkar joech boppe de minske – yn ús lichemssellen sitte mar 46 gromosomen, dy't mei mar 92 telomearen ôfdutsen binne.

4 Blackburn ûntduts dat de einkapkes opboud wienen út in spesifike koade fan seis DNA-boustiennen, dy't mannich kear werhelle waard. It die bliken dat de kapkes ûnmisber wienen, want doe't de ûndersykster dy fuorthelle, begûn it oerbleaune materiaal fuortdaliks te raffeljen en yn ferval te reitsjen. Kenlik beskermje telomearen it DNA tsjin dit soarte fan ôftakeling, yndied krekt as by de hulskes oan in skuonfiter. Net allinne by it wimperbistje, ek by de minske wurket it sa.

5 Dêrmei wie it ferhaal ôfrûn, as de telomearen net in rol by de ferâldering spile hienen. Wittenskippers hawwe ûntdutsen dat de kapkes yn de rin fan it libben hyltyd koarter wurde. By alle seldielings giet der in stikje ferlern. Uteinlik bliuwt der sa'n bytsje oer, dat sellen it opjouwe. De minske dêr't dy sellen diel fan útmeitsje, wurdt dêrtroch hyltyd gammeler en kin úteinlik allinne noch mar stjerre.

6 Dat ropt de fraach op oft der wat oan de ferkoarting fan de telomearen te dwaan is, sadat wy de ferâldering in ho taroppe kinne. Gjinn absurde gedachte, want der bestiet in

stof dy't de telomearen ferlinget: it ensym telomerase. De ûntdekking dêrfan, yn 1984, stiet ek op it konto fan Elizabeth Blackburn.

7 Telomerase sit fan natuere yn alle minsklike sellen, mar net genôch om de ferkoarting fan de telomearen tsjin te gean.

8 As de doasis keunstmjittich ferhege wurdt yn in kweekbakje, dan bliuwe de telomearen op lingte en geane ús sellen gâns langer mei as gebrûklik. Net foar neat giet telomerase yntusken troch foar 'boarne fan de ivige jeugd'.

9 "Mar ferwachtsje net datst de ferâldering mei telomerase folslein tsjingeant kinst", relativeart Blackburn. "Dêr is it in te yngewikkeld proses foar. Telomerase kin heechút ús gefoelichheid foar âlderdomssykten ferminderje, mar sels dat is takomstmuzyk."

10 Foar har is it tsjingeant fan ferâldering net de haadsaak. Folle wichtiger fynt sy it ûndersyk nei kanker, in sykte dêr't de beskermkapkes en telomerase ek in prominente rol by spylje.

11 Dat lêste die bliken yn 1990. Kollega's fan Blackburn ûntdutsen doe dat de measte kancersellen in ûntsettend protte telomerase oanmakken. Dy regel giet op foar 90 prosint fan alle tumoaren. Dat is ek logysk, want kancersellen fermannichfâldigje har hiel fluch. Normaal sprutsen soenen de telomearen dus yn in omsjoch fersliten wêze. Dêrom soargje sy sels foar ekstra telomerase, sadat sy har einkapkes op lingte hâlde en sûnder ein trochdiele kinne: sy meitsje harsels eins ûnstjerlik. Dêrneist biedt telomerase de kancersellen noch in foardiel, sa hat Blackburn koartlyn ûntdutsen: sy siedzje har dêrtroch flugger út.

12 "Kancersellen binne gewoanwei ferslave oan telomerase", konkludearret de selbiologe. En dat is ek krekt har swakte. "Ast it ensym abrupt fuorthellest, dan geane sy binnen in pear dagen dea." Dy 'cold turkey'-metoade hat by proefdieren yntusken yndrukwekkende resultaten opsmite: behannele tumorsellen diele minder fluch, sy passe har genetyske profyl oan sadat sy minder fluch útsiedzje, en úteinlik geane sy dea. "Dy kennis is sa nij dat wy de puzelstikjes noch net allegearre te plak hawwe", seit Blackburn. "Mar it sjocht der hiel goed út. Ik hoopje dat wy ûnderweis binne nei in nije therapy tsjin kanker."

Nei in artikel fan Sander Becker yn Trouw fan 2 oktober 2004